Juster wie alles oars

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 944 4
1e printing: 2026
© 2026, Anneke Sieperda

Utjouwerij Elikser
Ossekop 4
8911 LE Ljouwert
www.elikser.nl
Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

De útjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de Wendelaar Bonga Stichting en de provinsje Fryslân.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Juster wie alles oars

Anneke Sieperda

Elikser
UITGEVERIJ

Inhoud

Kak	7
Treast	13
Merke	19
Heit syn oarloch	27
Georgina	37
Hechting	47
Hjerst	53
Op tiid sjen datst fuortkomst	59
De affêre	69
‘Ik fertrek’	77
Help fan boppen	85
Swimme	89
Beppe Lies	97
HTS	105
Tedsje	111
De keukenboer	117
Sinteklaas	123
Moed hâlde	129
De libbene begraffenis	135
Mindful	143
De P fan piekfijn	147
De reade jumpsuit	155
Lekker koese	163
Winterwonderland	173
Juster wie alles oars	181

Kak

Woansdeitemiddei, it reinde dat it skiet, de loft wie griis en grau en fol mei de belofte dat it fuort net drûch wurde soe.
Myn freondintsje en ik sieten op de basisskoalle en dan hiest woansdeitemiddeis frij.
Wy soenen by my thús boartsje, wie it plan, lekker mei de Barbies, kleantsjes meitsje foar de überslanke popkes mei harren tinne middeltsjes en lange skonken. De breiden board fan in âlde sok ôfhelje, twa gatten deryn knippe om de earmpkes troch te dwaan, it ôfknipte stikje omrôlje as kol foar it tinne halske fan de Barbie en klear wie it jurkje. Oan omseamjen dienen wy net. Of fan âlde stikjes fitraazje mei grutte stekken in troujurk ynelkoar naaie.
It wie prachtich om sa dwaande te wêzen mei it gefoel dat ús poppefroulju in hiel nije garderobe oanmjitten krigen.
Mei reade wangen fan ynspanning sieten wy yn de keamer en wienen optein oer ús modieuze kreaasjes. Mem fûn dat wy sa leaf en rêstich oan it boartsjen wienen en joech ús in bakje tee en in koetjesreep. Sa'n lakswiet sûkeladereepke mei in ôfbylding fan blauwe kij op 'e wikkel. Dat wy sa leaf en stil boarten kaam goed út, want heit lei de middeis op

bêd omdat er yn ploegetsjinst wurke hie dy moarns, dus hy moast sliepe.
Wy koenen net nei bûten fanwege it donkere, trystige en reinige waar, tink dêr it ynspannende, konsintrearre kleantsjemeitsjen foar de Barbies by: it wie de juste boaium foar in flau sin. Wy hienen in hap fan de koetjesreep nommen en mei de mûle fol healsmolten sûkelade seinen wy mei djippe stimme 'kak' tsjinelkoar. It like healwiis, de mûle fol mei brune drab en dan kak sizze. Wy rekken slop fan laitsjen. Wy hienen de hiele reep yn 'e mûle, sadat it mar in sa grut mooglik effekt ha soe. Hieltyd lûder laken wy en it waard hieltyd healwizer. Mem kaam al mei de warskôging dat wy wat stiller wêze moasten, want heit koe mei sok lawaai net sliepe, mar wy gierden it út fan it laitsjen.
Mei de iene hân lutsen wy de wangen ûnder de eagen wat nei ûnderen en dan mei de wiisfinger fan de oare hân it puntsje fan de noas omheech drukke. It like op in bargekopke en dan wer 'kak' roppe. Wy gilden deroer, sa komysk. De sûkelade rûn ús heal út de mûle wei en it kakroppen waard hieltyd lûder, wy skriemden fan it laitsjen. Mem fûn ús grif (om mar efkes by it ûnderwerp te bliuwen) strontferfelend. Wy hongen heal yn 'e stoel en kamen net mear by.
Ynienen stie heit midden yn 'e keamer, mei wol sa'n driigjend lilk gesicht dat wy ús deaskrokken. 'Do nei hûs!' snaude er tsjin myn freondintsje en ik

waard hurdhandich by de earm pakt: 'Wat tinksto wol net, smoarge flarde, de hiele middei gnize, wat moat dat, hin, wat moat dat?'
En hoe as ik it hie, wit ik net, grif troch de skrik, de senuwen en it ynienen omslaan fan de sfear, ik wie opnij slop. Ik koe it net keare al woe ik ek noch sa graach. Ik seach de ieren op heit syn holle dik en read wurden. 'Ferdomme, stiesto my hjir ek noch út te gnizen? Do hast derfoar soarge dat ik de hiele middei gjin wink yn 'e eagen krij, sjoch datst boppe komst!'
Hielendal oerstjoer en bot skrokken fleach ik de trep op. Bang en tryst siet ik op myn keammerke myn sûnden te oertinken. Fan de útbundige wille nei in eangstich treurige stimming. Ik hie sjoen en field hoe lilk heit wie en wat soe der noch komme? De triennen sprongen yn myn eagen en sa hurd as ik dy middeis lake hie, sa hurd moast ik no skrieme.
Tsjin itenstiid kaam mem boppe mei in stikje bôle yn blokjes snijd en sei dat ik nei it iten mar toskepoetse moast en op bêd, want heit wie noch net yn syn gewoane dwaan.
Letter moast ik dêr faak oan weromtinke, oan de lilkens fan heit en doe koe ik it ek better begripe. Heit en mem wienen fan de pleats ôfrekke troch de ruilferkaveling. Sa as dat op it Fryske plattelân by in protte boeren it gefal wie. It hat grif by in protte minsken fan it boerehiem dy't hjirmei te krijen

hienen in protte frustraasje jûn. Om fan je eigen pleats ôfskie nimme te moatten, je fertroude plak kwyt te reitsjen dat faak fan heit op soan oergie en dat safolle mear betsjutte as in wenplak. Lân dêr't generaasjes nei inoar de minsken libbe hienen, dêr't harren fee rûn hie en dêr't se sa fergroeid wienen mei de grûn.

Heit wie noch oan it sykjen om in nij plakje om te buorkjen dat trouwens nea slagge is. Salang as er noch net in geskikte pleats fûn hie wurke hy by it fabryk, en wennen wy yn in nijbouhûs yn it doarp. Dat wie neat foar him, hy wie in natoerman, moast de wyn om 'e kop fiele, de greide rûke en de fûgels hearre. Hy fielde him eltse dei acht ûren opsluten yn it fabryk. Hy miste de frijheid en syn bisten. Foaral ek syn hynder dat salang as heit noch socht om in geskikt plak by in freon op stâl stie. Syn swarte happe dêr't er sa wiis mei wie. Ta ús grutte fertriet stoar it moaie edele bist oan kolyk.
Wat moast heit omstean leare.
Dêr't mem opfleure omdat alles tichteby wie en it hûs fan alle gemakken fersjoen wie, fielde heit him dea ûngelokkich. 'Dit hûs is krekt in lusifersdoaske,' prottele er faak, 'tinne muorren dy't by de earste de bêste stoarm omlizze en boppedat is it hjir sa hoar as de pest.'
Hiel oars as de âld pleats dy't deeglik boud wie en

dêr't romte genôch wie. Rûnom greide, fûgels, wetter en de wide loft. Mar gjin elektrysk en wetterlieding. Gjin telefoan. Altyd moasten wy de boat brûke om de bewenne wrâld te berikken.
Wat foar mem yn it nijbouhûs in walhalla wie, kaam by heit oer as in regelrjochte ramp. Foar mem frijheid, foar heit in finzenis.
Wat hie hy, tink ik, in pynlik moed, dit wie de tragyk fan in man dy't troch omstannicheden yn in situaasje bedarre dy't alhiel net paste by syn libbensferwachting en karakter.
Ik leau ek wol dat it spanningen jûn hat tusken myn âlden.
Gjin wûnder dat heit him dêr net goed deljaan koe en slim yrritearre rekke fan it gegibel en it oangean fan twa lytse blaaien.
Ik ha nea wer in koetjesreep oanrekke.